

De lêste karrider

Bertus Mulder

HILDO KROP EN DE WRAKSELING MEI TROELSTRA

Jelle Troelstra woe it byld dat fan syn heit Piter Jelles makke wie, net ûntbleatsje. Dat seit wat oer it byld. It soe mear lykje op in 'karrider' as op in ferneamd dichter, foardrager en strider.

Op it Aldehoustertsjerkhôf yn Ljouwert stiet it byld dat Hildo Krop makke fan Piter Jelles Troelstra. It wie op 6 oktober 1962 dat Veronika Bay, pakesizzer fan Piter Jelles, it byld ûntbleate yn bywêzigens fan ûnder oaren Piter Jelles syn widdo Sjoukje Troelstra-Oosterbaan, syn soan Jelle Troelstra, âld-minister-presidint Drees, André Kloos fan it NVV en âld-minister Suurhoff foar de lanlike PvdA. Yn de oankundiging stie dat Jelle Troelstra it byld ûntbleatsje soe. Mar hy liet dy eare oan him foarbygean.

Dat Jelle Troelstra it net dwaan woe, seit wat oer it byld. Fakernôch beneamde Pieter de Groot it byld as 'karrider', yn neifolging fan wat de Ljouwerter sjoernalist Keikes deroer skreau. De 'lêste karrider', om't de boaden en karriders in skoft dêrnei it Aldehoustertsjerkhôf net mear brûkten as boadeterrein. Yndie is it brûnzen byld fan Piter Jelles net wat jo ferwachtsje fan in byld fan de ferneamde Fryske dichter, foardrager en polityk strider, dy't it folk foargie yn de striid foar algemien kiesrjocht. It is in dimmen, wat foaroerbûgd mantsje dat mei it fingerke wiist. Albert Reitsma neamde it yn *It kleine Krantsje* fan 30 juny 1983 in 'introverte Troelstra'. Mar wie Troelstra's kwaliteit no krekt net dat er ekspresyf, besieljend, begeasterjend wie? Hoe koe dit sa barre?

Betinking

It begjin moatte wy sykje yn de fyftiger jierren, as der neitocht wurdt oer de betinking fan de 100ste bertedei fan Piter Jelles yn april 1960. Dan al spilet it idee fan in stânbyld. Dat waard ek wol tiid. Yn 1933 wie der al in byld fan de 'kop' fan Piter Jelles kommen yn Stiens, yn 1950 kaam der in mânsk stânbyld yn Den

Haach en yn 1953 waard Utert oan dat listke taheakke. Koe Piter Jelles syn berteplak achterbliuwe? En hie men dan net de kâns om in moaier, better byld fan Piter Jelles del te setten as it skrale byld fan Utert en it proastige byld yn it Westbroekpark yn Den Haach?

Yn De Harmonie wurdt hûndert jier nei syn berte, op 20 april 1960, in Piter Jelles-deklamatoarium holden oer 'De sjonger fan Rispinge'. Der is in lanlik earekomitee, mei grutte nammen lykas dr. Willem Drees (foarsitter), de teolooch Willem Banning, de taalkundige Jelle Brouwer, de folkerjuchjurist jhr.mr. W.J.M. van Eysinga, pater Halvert Hettema fan Ljouwert, âld-premier prof.dr. Pieter S. Gerbrandy, âld-minister ir. Hein Vos fan De Tynje, Johan Winkler en de út Ljouwert ôfkomstige ekonoom dr. A. Winsemius. It Fryske wurkkomitee waard foarsitten troch Jacob Klok, boargemaster fan it Bilt, mei dr. W. Kok fan de Fryske Akademy as vice-foarsitter en as sekretaris de sjoernalist J.P. Wiersma, yn 1949 redakteur fan de tredde printinge fan Rispinge. Fierder treffe wy dêr nammen lykas Sjoerd Leiker, de âld-wethâlder fan Ljouwert J.K. Dijkstra, Jan Piebenga, Keimpe Sikkema en Anne Vondeling. Wiersma hie de tekst skreaun foar it deklamatoarium, dat útfierd waard mei sang fan it Grouwster Gemengd Koor en de Ljouwerter Bachvereniging, wylst de muzyk kaam fan it Frysk Orkest ûnder lieding fan Alfred Salten.

It wurkkomitee fûn dat dit fjirde stânbyld de figuer en it nivo fan Troelstra rjucht dwaan moast. It hie dêrom keazen foar Hildo Krop en net foar in Fryske keunstner, ek om't Krop Troelstra goed kend hie. Krop hie Troelstra as sprekker meimakke en hie fan 1908 oant 1918 lid west fan de SDAP. Yn it programmaboekje



fan dy jûn fine wy de oprop om by te dragen oan it byld. *'Friezen, achtsje jimme it in treflike saak, foar ús dichter Piter Jelles yn syn bertep plak Ljouwert in stânbyld – dat makke wurdt troch de keunstner Hildo Krop – te stiftsjen? Wês dan sa goed en stoarta dat doel in jefte op giro 811542 fan de Coöp. Suvelbank te Ljouwert, te'n gunste fan it Piter Jelles-komitê.'* Op de feestjûn wie alfêst de makette te sjen fan dat stânbyld. De *Ljouwerter Krante* printe in byld ôf mei in Piter Jelles dy't, mei de rêch rjucht en de holle heech, breedút syn rjochterarm heft. It bylket.


Mar dan bart der wat frjemds. Byldhouwer Hildo Krop kriget besite fan in Switserske kollega, lit him it ûntwerp sjen en dy ropt út dat it byld in dominy foarstelt. 'Nee,' ropt Krop ferheard, 'het is een dichter, een strijder, en staatsman'. Syn kollega fûn dat it echt in dominy wie, ien dy't de segen útsprekt. Krop wie der oerstjoer fan, lei de hiele nacht wekker yn syn bêd om te draaien en skille de oare moarns om fiif oere sekretaris J.K. Wiersma. 'Ik heb de hele nacht met Troelstra geworsteld,' sa liet er witte, 'ik maak het beeld niet.' Dat is it ferhaal sa't Reitsma dat letter fertelt. Yn de *Ljouwerter Krante* fan 21 april 1961 is it gjin dominy, mar in skoalmaster: 'Overall in zijn atelier staan Troelstra'tjes. Daar onder die tafel staat er een met zijn vinger vermanend opgeheven – 'was dat een schoolmeester', vroeg een Zwitserse vriend en toen die dat gezegd had, had het ontwerp voor Hildo Krop afgedaan. Niet omdat hij iets tegen schoolmeesters heeft, maar omdat Troelstra geen schoolmeester was.' It byld dat Krop yn Ljouwert presintearre, is fan de baan. 'Krop wilde over het eerste concept niet meer praten. Zo zijn kunstenaars. Met gemengde gevoelens stemden wij toe', sjocht Reitsma tebek.

Nij ûntwerp

No wie der al in soad jild foar it byld fan Krop byelkoar sutele. Der hiene spesjale lanlike aksjes west om mei Troelstra-segels de begrutting rûn te krijen. Fjouwer aparte slútsegels fan de hân fan ûntwerper S.L. Harz. Moast it oerjûn wurde? It Fryske wurkkomitee tsjocht op nei Krop yn Amsterdam, om te bepraten hoe't it fierder moat.

Hie oant dan ta in lytse kommisje, besteande út foarsitter Klok, J.K. Dykstra en J.P. Wiersma oer it ûntwerp te set west, yn in brief fan Wiersma fan 13 novimber 1961 wurdt de hiele Fryske wurkkommisje frege om mei te gean nei it adres fan Krop oan de Amstel 57, om dêre te kiezen 'uit meerdere modellen'. Se hawwe in ôfspraak op 22 novimber. De kommisjeleden Jan Piebenga, Jan Brouwer en Keimpe Sikkema sille mei. Boppedat wurdt Jelle Troelstra dêrfoar útnûge. Dy lit lykwols op 15 novimber 1961 witte dat er der fanwege in oare ôfspraak net by wêze kin. Krop makket yndie 'meerdere modellen'. De *Ljouwerter Krante* jout dat yn in reportaazje op 21 april 1962 sa oan: 'Daar op de grond staan er twee: één Troelstra met brede benen als van een grondwerker en één, die met zijn vinger in de verte wijst – wel suggestief, maar Troelstra niet. En daar op een sokkel-in-verhouding een wat peinzende Troelstra, de rechter wijsvinger ietwat opgeheven alsof hij op het punt staat priemend uit te schieten ten ondersteuning van de woorden, waarover de 'dichter, strijder, staatsman' nu nog schijnt te staan na te denken.'

Nei muoisume besprekkingen wurdt besletten Hildo Krop in nije opdracht te jaan, skriuwt Albert Reitsma, dan ponghâlder fan it wurkkomitee. En se geane úteinlik akkoart mei it tredde



Op 20 augustus is it fyftich jier lyn de Hildo Krop yn syn wurkpleats oan de Plantage Muidergracht yn Amsterdam ferstoar. Ferskate musea lykas it Stedelijk Museum, ArtZuid en it Hildo Kropmuseum hawwe it plan opfet om nei oanlieding fan de fyftichjierrige stjerdei fan Krop in temajier te meitsjen. Der wurde dit jier dêrom ferskate aktiviteiten organisearre.

Alle ynformaasje oer dy aktiviteiten binne te lêzen op www.hildeokrop.nl.

ûntwerp, fan de 'peinzende Troelstra'. Krop woe gjin dominy, gjin skoalmaster, mar in Troelstra dy 'alles in zich heeft en waarmee uiteindelijk iedereen zich zal kunnen verenigen, of hij nu Troelstra alleen als politikus wil zien of juist helemaal niet als politikus en alleen maar als zanger van het Friese lied', skriuwt de sjoernalist fan de Ljouwerter Krante yn syn reportaazje. By de ûntbleating op 6 oktober 1962 seit foarsitter Jacob Klok neffens de *Friese Koerier* dat Krop 'zich met zoveel liefde voor de persoon van Troelstra van zijn taak gekweten heeft. Hij geeft Pieter Jelles hier weer als de man die op het punt staat een nieuwe stap vooruit te doen, voorwaarts naar een nieuwe tijd'. Klok wist dat it byld net wie wat it wurkkomitee foar eagen stie. Hy makke der it bêste fan. Albert Reitsma gie as lid fan it wurkkomitee mei nei it atelier fan Krop oan de Plantage Muidergracht 105, strúnde dêr om en 'zag de vorige maquette en dacht: dát is 'm. Zó ken ik Troelstra uit zijn gedenkschriften, hoe hij de mensen toesprak'.

Jelle Troelstra hold him stil. As Veronika Bay yn 1997 it byld fan Sjoukje Bokma de Boer yn Nes ûntbleatet, fertelt se oan Tineke Steenmeijer dat se it in hiele eare fûn sawol it byld fan har pake as fan har beppe ûnthulle te meien. Steenmeijer docht dêrfan ferslach yn it blêd fan it FLMD, *Op 'e hichte*, fan desimber 1997: "Entre nous" heakke Veronika Bay dêr oan ta dat se by it Troelstra-monumint de 'offisjele' taak oernommen hie fan har omke Jelle Troelstra, dy't de skepping fan Krop net moai fûn en ôf mei de beleefdheid ôf mei syn artistike gewisse yn konflikt komme soe as er dêr by de plechtichheid wat oer sizze moast.'

Artistryk beswier?

Hat Krop it Fryske komitee te fiter hân? Wie it yndie de artistike krytyk fan de fierder anonime Switserske kollega dy't him weromhold fan syn earste ûntwerp? Of wie it de politike wjerstân en wrevelmoed oer de sosjaaldemokraat Troelstra? It wie net samar dat Krop yn 1918 syn lidmaatskip fan de SDAP opsein hie. De sosjaaldemokrasie wie troch de kommunisten weisetten as 'kleinburgerlijke, nationalistische, reformistische en sociaal-patriottische verraders', om de termen te brûken fan de Nederlânske dichteres Henriette Roland Holst, healwei 1918. Soe it wurkkomitee foar Krop keazen hawwe as se witten hiene dat de stedsbyldhouwer sûnt 1918 yn it genyp supporter wie fan de Sovjet-Uny en behelle yn it kommunistyske spionaazjenetwurk fan Ignace Reiss, lykas Igor Cornelissen yn De GPOe op de Overtoom (1989) beskriuwt? Krop wie in guodlik man. Syn frou wurdt omskreaun as in 'gelovige met dweepzieke trekken'. Miskien wie sy de driuwende krêft om it earste ûntwerp om sjippe te helpen. ♣

Bertus Mulder (1949) is âld provinsjaal bestjoerder en âld dosint sociale skiednis en geestlike en maatskiplike streamingen.